

# FRYSKE AKADEMY

## Genealogysk Wurkferbân

### Ferslach fan de gearkomste fan 9 april 2016

Der wiene 15 dielnimmers oan de lêste gearkomste fan it winterskoft. Lemstra en Van der Plaats wiene behindere – dat mocht wol foar in kear – mar ek sprekker Goasse Brouwer hie koart yn it foar ôfberjocht dien. Gjin erfgoed dus.

Theo Kuipers wie yn in ferrassend projekt fersile rekke. Yn it lêst fan 2014 waard Tresoar benadere troch de Peer-groep dy't téater op lokaasje makket. Yn dit gefal, fan Grutte Pier, hiene hja de smid fan Kimswert safier krigen dat hy in mânsk swurd makke, de frouwen dêr foarmje in boerinnekoar en 150 frijwilligers ûndergeane in spartaanske training om as Arumer Swarte Heap foar de dei te kommen.

Tresoar wie ree om minsken by mekoar te swyljen dy't besibbe binne oan Grutte Pier en der wie wol op in man as hûndert rekkene. Oftraap wie op de genealogyske dei yn oktober en de moandeis dêrop kamen sa'n 70, 80 reaksjes binnen. By de lêste telling wiene dat 1100. Elts dy't oantoanber sibbe is krijt in Pier-bewiis útrikt en der wie ek in man by dy't fuort 36 fan dy bewizen opfrege, foar syn hiele famylje.

Utgongspunt is de stambeam út 1961 fan R.S. Roarda, in serieuus ûndersiker en syn wurkstik is fierhinne betrouber. No wie Roarda meast om 1850 hinne ôfheakke en dus lei der in moaie taak om in brêge te slaan fan 1850 nei it heden. In stik as fiif frijwilligers en in team fan dyselde omfang hie dêr alle dagen wurk fan en begjin jannewaris wie de krisis efter de rêch en de efterstân weiwurke. Der waarden ek wol oanfullings oandroegen en diskusjes útlukt. Ek komme hiel oare aspekten oan 'e oarder. Sa is bgl. DNA-ûndersyk mooglik mar dêr is allinnich strikt bewiis te ferwachtsjen as it giet om ôfstamming yn poer manlike of froulike lijn.

Yn juny slút de ferstrekking fan Pier-bewizen mar de webside gruttepierdefamylje.frl bliuwt. Op dy side kin men per skaainamme in persoan útsykje en fia it ikoantsje tabblêden de sibskip berekkenje mei bgl. Pier Gerlofs Donia. Dy moat dan as twadde persoan yntypt wurde. Is oan de doelstelling fan it projekt foldien? Sprekker mient fan wol. Der is in hiel nije doelgroep berikke dy't no wakker op allefriezen omsneupt. De byldfoarming fan Grutte Pier, ek yn ferliking mei oare frijheidstriders sa as (de legendaryske) Willem Tell, is helderder wurden en it is dúdlik wurden dat men mei sa'n projekt net om de sosiale media hinne kin. Dat lêste wie miskien ek noch wol in idee foar ús wurkferbân.

Sprekkers fersyk om gedcom-bestannen hat op syn minst ien tasizzing opsmiten.

Tsjin healwei trijen slute de foarsitter de gearkomste mei in hertlik tank oan sprekker. Dêrnei tweintich minuten skoft en ferfolgens kin om ús de simmer mar begjinne.

Ype Brouwers

# FRYSKE AKADEMY

## Genealogysk Wurkferbân

### Ferslach fan it reiske fan 3 septimber 2016

Mei 24 reisgenoaten (Tangerman behindere) koe it reiske yn Ryptsjerk úteinsette. Alderearst omtinken foar it hinnegean fan Simon Wierstra en Wim Dolk. De skriuwer dielt mei dat him noch net in nij bestjoerslid oanmelden hat; dat moat oars wol hast. Koopmans dielt mei dat de flier yn Driezum der út leit. Sarken binne al te besjen op de bloch fan De Walle, goede kâns dat jusjes djipper mear sarken lizze fan foar 1713.

Gosse van der Plaats beljochtet de Jouwersma sark yn tsjerke. Hjirop útbeitele de gegevens fan keapman Lolle Sibrants Iouwersma (1597-1673), syn frou Antie Jacobs, seis fan harren jong-ferstoarne bern, soan Iohannes en skoandochter Wytske Mellama. Mar allinnich dy lêste twa lizze hjirre ek begroeven. Heit Lolle wie wol ûntfanger fan Tytsjerksteradiel mar hat syn libbensdagen binnen Ljouwert sliten en is yn de Westertsjerke begroeven. Hy en Antie hiene yn totaal âlve bern, fan harren binne ek Jacobus, Antje, Yfke en Aeltie folwoeksen wurden en troude, mar dy binne allegear yn Ljouwert bleaun.

Mem Antie hie in suster Aefke Jacobs Jeddema dy't yn 1626 Reiner Jelles troude. Harren dochter Jancke is mem fan Reiner Gysberts Fontein van Toutenburg en harren soan Jelle is, fia famyljes Hibma en Hylarides, foarfaar fan sprekker. De sark te Ryptsjerk wie foar him dus in soarte ôfslach en dat wie Ryptsjerk ek, ûnderweis fan Dokkum nei Ljouwert.

In kuier fia regintepleats, feart en Binnendyk brocht ús nei de Einekoer dêr't Jan Stavenga it ûntstean, de bewenners en de bûtenpleatsen fan Ryptsjerk moai sekuer op in rychje sette. Troch migraasje fan de iggen fan de Middelsee ta it fean yn kaam folk yn Ryptsjerk te plak; earst oan de Westerdyk, dan oan de Binnendyk en oant de Oasterdyk ta. Net fierder, want dêr lei Hurdegaryp al. Ek kleaster Mariënburch krige hjir in stripe lân dêr't hja in turfmaster yn it wurk hiene. De bewenners wiene meast boer mar yn de rin fan de tiid kamen der ek stêdsjers dy't de omjowing gaadlik fûnen foar in bûtenhûs. Dat begûn om 1525 hinne mei stêdhâlder Georg Schenk van Toutenburg mei syn bûten by Swarteweisein. Dat kaam yn 1540 oan soan Carel en dêrnei oan de healbroer aartsbiskop Fredrik. Stik foar stik behannelt sprekker de skiednis fan de fierdere bûtenpleatsen, te begjinnen mei it Loo en Vijversburch, beide ôfsplitst fan Toutenburg. Vijversburch kaam yn 1843 oan Nicolaas Ypeij troch syn houlik mei in Looxma-famke en dy hat in soad betsjuttingen foar de omjoving. Sûnt 1892 is it dêrre in stifting. Folget de Tienkamp, dan Ulenburch, mei einekoai, fan riedshear Rommert (heit fan Saskia), noardlik fan de buorren, Heerma state oan de Binnendyk, dat Lolle Sybrants Jouwersma yn 1662 kocht fan Doede Hilbrants, en Sipma state, 'een luthuisje met een vraise tuijn'. Troch it kombinearjen fan gegevens út ferskillende soarten boarnen is sprekker ta in (moai folslein) totaalersjoch fan al dy skiednissen kaam.

It rint nei fiiven as de foarsitter de gearkomste slút en bûten skynde de sinne.

Ype Brouwers